




veiliginternetten.nl

# 5 basistips foar dyn online feiligens



Appje hjir, e-mailsje dêr. Foto's en fideo's diele fia social media. Fideobelje mei freonen en famylje. Jild oermeitsje fia in Tikkie of dyn bank-app. Ynlogge by de Oerheid of húsdokter fia DigiD. Triedleas printsje, it alarm of de ferwaarming yn 'e hûs ynstelle... It ynternet makket it deistich libben foar in soad minsken in stik aardiger en makliker.

It is wichtich om al dyn apparaten en accounts goed te befeiligjen. Fan dyn smartphone oant dyn printer, fan Instagram oant Gmail. Want krekt as yn de offline wrâld, binne kriminelen spitigernôch ek online aktyf. Mei dizze fiif aksjes soargest derfoar dat dyn online basisfeiligens op oarder is. Sa makkest it foar cyberkriminelen in stik dreger.



veiliginternetten.nl

**01 – Soargje foar feilige wachtwurden foar al dyn apparaten en accounts. Mei oare wurden:**

- Hoe langer, hoe better. Brûk in wachtwurdsin.
- Brûk foar elke account in oar wachtwurd. En bewarje dyn wachtwurden yn in wachtwurdmanager.
- Brûk wêr't dat kin de twastapsproseduere om yn te loggen.

**03 – Brûk in firusscanner**

- In firusscanner kontrolearret dyn apparaat op alderhande aaklichheden, lykas firussen, malware, en kwealike apps.

**02 – Fier software-updates fan tûke apparaten altyd daliks út**

- In tûk apparaat is in apparaat dat mei it ynternet ferbûn is. Lykas guon printers, babyfoans en doarbellen. Mar ek in robotstofsûger.
- Mei updates soargje fabrikanten derfoar dat de befeiliging fan dyn apparaten altyd op oarder is. Klik dy pop-ups dus net fuort!

**04 – Meitsje geregeld in back-up**

- Ast hackt wurdst, kinst alles kwyd wêze. Meitsje dêrom in kopy fan dyn bestannen, foar de wissichheid.

**05 – Earst tsjekke, dan klikke**

- Ynternetkriminelen ferstjoere fia in e-mail, tekstberjocht of betelfersyk falske linkjes. Sa besykje se dy oer te heljen om gegevens te dielen of jild oer te meitsjen.